

# De Tríjetalige Skoalle



**mear talen**   
**mear takomst** 



## Trijetalich ûnderwiis sûksesfol

Acht jier lang hawwe sân skoallen yn Fryslân meidien oan it projekt *Trijetalige Skoalle*. De resultaten wienen sa goed dat de projektskoallen graach fierder woenen mei trijetalich ûnderwiis. De positive resultaten fan trijetalich ûnderwiis kinne yn trije punten ûnderbrocht wurde:

- De prestaasjes foar it Nederlânsk yn de groepen 8 lizze op lanlik nivo. In opfallend resultaat. Mear Ingelsk en Frysk giet dus net ta skea fan it Nederlânsk;
- Trijetalich ûnderwiis soarget der foar dat de learlingen better skoare op it lêzen en skriuwen fan it Frysk;
- De learlingen fan trijetalige skoallen geane makliker om mei it Ingelsk. Se ha mear flair, doare de taal earder te brûken. Bern fan in trijetalige skoalle skeakelje dus flot oer op it Ingelsk. In grut foardiel yn in wrâld dêr't it Ingelsk de belangrykste taal is. Mear talen, mear takomst!

De algemiene konklúzje fan it projekt wie dat trijetalige skoallen der yn slagge binne om meartalige learlingen op te lieden.






## Drietalig onderwijs succesvol

Acht jaar lang hebben zeven scholen in Fryslân meegedaan aan het project *Trijetalige Skoalle*. De resultaten waren dermate goed dat de projectscholen graag door wilden gaan met drietalig onderwijs. De positieve resultaten van drietalig onderwijs kunnen in een drietal punten worden ondergebracht:

- De prestaties ten aanzien van het Nederlands in de groepen 8 liggen op landelijk niveau. Een opvallend resultaat. Meer Engels en Fries gaat dus niet ten koste van het Nederlands;
- Drietalig onderwijs zorgt ervoor dat de leerlingen beter scoren op het lezen en schrijven in de Friese taal;
- De leerlingen van drietalige scholen gaan gemakkelijker om met het Engels. Ze hebben meer flair, durven de taal sneller te gebruiken. Kinderen van een drietalige school schakelen dus vlot over op het Engels. Een groot voordeel in een wereld waarin Engels de belangrijkste taal is. Meer talen, meer toekomst!

De algemene conclusie van het project was dat drietalige scholen erin geslaagd zijn om meertalige kinderen op te leiden.



## Wêrom trïjetalich ûnderwiis?

It oanlearen fan mear talen is belangryk foar de ynternasjonale kommunikaasje. Of, om it hiel simpel te sizzen: de bern moatte har yn binnen- en bûtenlân rêde kinne. Ût ynternasjonaal wittenskiplik ûndersyk hat boppedat kear op kear dúdlik bliken dien dat de basisskoalle oandacht jaan moat oan de memmetaal fan it bern. As dy goed ûntwikkele wurdt, kinne dêr folle makliker oare talen oan tafoege wurde.

## Foardielen trïjetalich ûnderwiis

De foardielen binne dúdlik:

- De bern binne harren bewust fan meartaligens;
- De bern wurde taret op in Europa dêr't ferskillende talen in rol spylje;
- De bern behearskje al op jonge leeftyd mear talen as allinne harren memmetaal;
- It algemiene taalgefoel fan de bern wurdt stimulearre en fersterke.



good afternoon - goeiemoarn  
good night - goeiemiddei  
see you soon - oant sjen  
how are you? - hoe giet it mei dy?  
not very well - net sa goed

## Waarom drietalig onderwijs?

Het aanleren van meer talen is belangrijk voor de internationale communicatie. Of, simpel gezegd: de kinderen moeten zich in binnen- en buitenland kunnen redden. Internationaal wetenschappelijk onderzoek heeft keer op keer aangetoond dat de basisschool aandacht moet schenken aan de moedertaal van het kind. Als deze goed wordt ontwikkeld, gaat het leren van andere talen veel gemakkelijker.

## Voordelen drietalig onderwijs

De voordelen zijn duidelijk:

- De kinderen zijn zich bewust van meertaligheid;
- De kinderen worden voorbereid op een Europa waarin verschillende talen een rol spelen;
- De kinderen beheersen al op jonge leeftijd meer talen dan alleen hun moedertaal;
- Het algemene taalgevoel van de kinderen wordt gestimuleerd en versterkt.



## Fierder mei trijetalich ûnderwiis

Fanwege de goede resultaten ha de sân projektskoallen oanjûn dat se graach fierder wolle yn har nij pedagogysk-didaktysk konsept. Ek oare skoallen hawwe grutte belangstelling. Dêrom is it Netwurk Trijetalige Skoallen oprjochte (3TS). Yn 2007 draaie yn it Netwurk alve skoallen mei. En noch hieltyd slute skoallen har oan.

## Foardielen Netwurk Trijetalige Skoalle

It oansluten by it Netwurk hat de folgjende foardielen:

- De skoalle krijt fergees begelieding fan Taalsintrum Frysk/Cedin op it mêd fan taalûntwikkeling en meartalich taalbelied;
- De skoalle profitearret fan de praktyske ûnderfining fan de skoallen dy't al jierrenlang wurkje mei trijetalich ûnderwiis;
- De skoalle draait mei yn it lanlike, Ingelske ANGLIA-projekt. Materiaal en eksamens komme kant en klear út Ingelân en kinne op ferskillende nivo's ynset wurde;
- De skoalle krijt begelieding en finansjele stipe by it oanlûken fan in Ingelsktalige taalassistint;
- De skoalle profitearret fan de subsidiearre by-stúdzje mooglikheden foar Frysk en Ingelsk;
- By sertifikaasje krijt de skoalle 2000 euro;
- De skoalle profitearret fan de positive publisiteit dy't útgiet fan it Netwurk.



## Verder met drietalig onderwijs

Vanwege de goede resultaten hebben de zeven projectscholen aangegeven dat ze graag verder willen in haar nieuw pedagogisch-didactisch concept. Ook andere scholen toonden grote interesse. Daarom is het Netwerk Trijetalige Skoallen (3TS) opgericht. In 2007 draaien in het Netwerk elf scholen mee. Andere scholen hebben de intentie om zich daarbij aan te sluiten.

## Voordelen Netwurk Trijetalige Skoalle

Aansluiting bij het Netwerk heeft de volgende voordelen:

- De school krijgt gratis begeleiding van Taalsintrum Frysk/Cedin op het gebied van taalontwikkeling en meertalig taalbeleid;
- De school profiteert van de praktische ervaring van de scholen die al jarenlang werken met drietalig onderwijs;
- De school draait mee in het landelijke, Engelse Anglia-project. Materiaal en examens komen kant en klaar uit Engeland en kunnen op verschillende niveaus worden ingezet;
- De school krijgt begeleiding en financiële steun bij het aantrekken van een Engelstalige taalassistent;
- De school profiteert van de gesubsidieerde nascholingsmogelijkheden voor Fries en Engels;
- Bij certificering ontvangt de school 2000 euro;
- De school profiteert van de positieve publiciteit die er van het Netwerk uitgaat.



## Trijetalich ûnderwiis bûten Fryslân

De geunstige útkomsten fan it projekt *Trijetalige Skoalle* binne net oars as dy op bûtenlânske skoallen. Rûnom op 'e wrâld is oantoand dat jonge bern maklik trije talen leare kinne as oan ien belangrike betingst foldien is: de skoalle moat de talen dúdlik skieden oanbiede. Ingelsk, Spaansk, Frysk, Finsk, Iersk -of watfoar oare taal dan ek- moat dus ferbûn wurde oan ien bepaalde learkrêft of ien dei(diel).

Trijetalich ûnderwiis wurdt al jierren jûn op skoallen foar basis- en fuortset ûnderwiis yn ûnder oaren Spanje, Finlân en Sweden.

## Wat betsjut it foar de skoalle?

By trijetalich ûnderwiis spylje trije talen in grutte rol yn de skoalle. De trije talen wurde net allinne as fak ûnderwiisd, mar ek brûkt om les yn te jaan by oare fakken. Der is pas sprake fan in trijetalige skoalle as trije talen yn in bepaalde ferhâlding brûkt wurde as les- of fiertaal. De learkrêft jout dan bygelyks gimmetryk, biology, skiednis of ierdrykskunde yn it Ingelsk of Frysk.

Sa kinne Nederlânsk en Frysk brûkt wurde yn de ferhâlding 50/50, 60/40 of 70/30. Ferskillende ferhâldings yn de fiertaalferdieling binne mooglik; it hinget fan de kar fan de skoalle ôf. Foar in trijetalige skoalle is de minimumnoarm wyks: twa deidielen Frysk as fiertaal by oare fakken en/of aktiviteiten.

Yn de boppebou komt it Ingelsk der by as fiertaal. Op in trijetalige skoalle moat it Ingelsk minimaal ien deidiel yn de boppebou as fiertaal brûkt wurde. It konsekwint brûken fan de fiertalen is o sa belangryk.



## Drietalig onderwijs buiten Fryslân

De gunstige resultaten van het project *Trijetalige Skoalle* zijn niet anders dan die van buitenlandse scholen. Overal ter wereld is aangetoond dat jonge kinderen gemakkelijk drie talen kunnen leren wanneer aan één belangrijke voorwaarde is voldaan: de school moet de talen duidelijk gescheiden aanbieden. Engels, Spaans, Fries, Fins, Iers -of wat voor vreemde taal dan ook- moet dus gebonden zijn aan een bepaalde leerkracht of een dag(deel).

### Wat betekent het voor de school?

Bij drietalig onderwijs spelen drie talen een grote rol binnen de school. De drie talen worden niet alleen als vak onderwezen, maar ook gebruikt om les in te geven bij andere vakken. Er is pas sprake van een drietalige school wanneer drie talen in een bepaalde verhouding worden gebruikt als vak- of voertaal. De leerkracht geeft dan bijvoorbeeld gymnastiek, biologie, geschiedenis of aardrijkskunde in het Engels of Fries.

Zo kunnen Nederlands en Fries gebruikt worden in de verhouding 50/50, 60/40 of 70/30. Verschillende verhoudingen in de verdeling van de voertaal zijn mogelijk; het hangt af van de keuze die de school maakt. Voor een drietalige school is de minimumnorm: twee dagdelen Fries per week als voertaal bij andere vakken en/of activiteiten.

In de bovenbouw komt het Engels erbij als voertaal. Op een drietalige school moet het Engels in de bovenbouw minimaal een dagdeel per week als voertaal worden gebruikt. Het consequent gebruiken van de voertalen is erg belangrijk.



## De skoallen dy't meidogge

Yn it projekt *Trijetalige Skoalle*, dat acht jier duorre hat, dienen de folgjende skoallen mei: De Brêge (It Heidenskip), Master Frankeskoalle (Earnewâld), Us Untwyk-Van Haersma Bumaskoalle (de Hommerts), It Harspit (Ternaard), De Tsjelke (Holwert), Ids Wiersmaskoalle (Brantgum) en de Otto Clantskoalle (Boksum). Dy skoallen geane no fierder yn it Netwurk.

De folgjende skoallen hawwe harren yn it skoaljier 2006-2007 oansluten by it Netwurk: It Holdersnêst (De Harkema), It Twaspan (Terkaple), Trije Doarpenskoalle (Reduzum) en de Krunenstrobbe (Jorwert).

## Ynformaasje

Alden en skoallen dy't graach mear witte wolle oer trijetalich ûnderwiis, kinne dat op twa manieren dwaan:

- kontakt opnimme mei ien fan de skoallen fan it Netwurk;
- kontakt opnimme mei Taalsintrum Frysk/Cedin.



## De participerende scholen

In het project *Trijetalige Skoalle*, dat acht jaar heeft geduurd, participeerden de volgende scholen: De Brêge (It Heidenskip), Master Frankeskoalle (Earnewâld), Us Untwyk-Van Haersma Bumaskoalle (Hommerts), It Harspit (Ternaard), De Tsjelke (Holwerd), Ids Wiersmaskoalle (Brantgum) en de Otto Clantskoalle (Boksum). Deze scholen gaan nu verder in het Netwurk.

De volgende scholen hebben zich in het schooljaar 2006-2007 aangesloten bij het Netwurk: It Holdersnêst (Harkema), It Twaspan (Terkaple), Trije Doarpenskoalle (Reduzum) en de Krunenstrobbe (Jorwerd).



## Informatie

Ouders en scholen die graag meer willen weten over drietalig onderwijs, kunnen dat op twee manieren doen:

- contact opnemen met een van de scholen van het Netwurk;
- contact opnemen met Taalsintrum Frysk/Cedin.



1.

## Mear talen, mear takomst

Brosjuererige fan Taalsintrum Frysk

### De Trijetalige Skoalle

Kearnteam

Jelle Bangma  
Johan Bloem  
Douwe Kootstra  
Eelke Goodijk

©

2007 Taalsintrum Frysk/Cedin  
Oostergawei 6  
8932 PG Ljouwert  
(058) 284 3434  
taalsintrumfrysk.nl

**CEDIN**

educatieve dienstverlening

Foto's

Spectrum Fotografie



mear talen   
mear takomst 